

Preek oer Han.2,28 (Drachten-E / Dokkum 20-9-15)

Moarns

Fotum en groetnis
Ps.57:5,6
Gebed fan neierkommen
NLB 310
Gebed om ferljochting mei de hillige Geast
L Han.2,22-36
NLB 836
L Ps.16
T Han.2,28
Ges.147
Tanksizzing en foarbea
Kollekte
NLB 416
Segen

Middeis

Fotum en groetnis
Ps.16:1,3
Gebed om ferljochting mei de hillige Geast
L Han.2,22-36
NLB 836
L Ps.16
T Han.2,28
Ges.147
Apostoalyske leauwensbelidenis
Ges.161:1,4
Tanksizzing en foarbea
Kollekte
NLB 416
Segen

Gemeente fan de Heare Jezus,

Doe't ik noch sa'n mantsje wie, wie der noch gjin grifformearde tsjerkeboek, mar waard der in proefbondel brûkt. Guon fan de psalmen dy't ik doetiids leard ha, wurde no yn gjin inkelde tsjerke mear songen. Dochs steane my noch altiten rigels út dy psalmen by. Lykas ik ek noch formules ken út de formulieren dy't yn dy tiid brûkt wurden. Sa stie der yn it formulier foar de fiering fan it hillich nachtmiel in hiele list fan minsken dy't net meidwaan mochten: "alle tovenaars en waarzeggers, die over vee, mensen of iets anders bezweringen uitspreken". Tsjoaders, bestienen dy dan? Spannend, hear!

Mar wat it formulier út de proefbondel der by my ynraamd hat, is dat kristenen net meidwaan meie oan lotterijen. Want oan it nachtmiel mochten ek net meidwaan "allen die kansspelen beoefenen". Sa tink ik der noch altiten oer. No net mear om't it yn 't iene of 't oare formulier stie, mar omdat Gods wurd seit: "Wy hawwe neat meinommen doe't wy op 'e wrâld kamen, en wy kinne der as wy derút geane, ek neat út meinimme. Mar as wy iten en klean hawwe, moat ús dat genôch wêze. Mar dy't ryk wurde wolle, reitsje yn gefaar fan sûnde en yn 'e strûp en yn gâns dwaze en skealike begearten, dy't de minsken fersinke litte yn ferdjer en ûndergong. Want de woartel fan alle kwea is de jildsucht" (1Tim.6,7-10a).

Dochs giet it yn Psalm 16 oer in lotterij. De dichter fan dy Psalm sjongt yn fers 6: "De mjitsnoeren binne foar my yn skoandere kontreien fallen, ja, myn erfskip stiet my tige oan". Hy brûkt hjir in byld dat ûntliend is oan de ferdieling fan it beloofde lân. Kanaän wurde nammentlik oer de tolve stammen fan Israel ferparte mei in lotterij. Sa hie de Heare it tsjin Mozes sein yn Numeri 33 en sa hat Jozua it dien yn Jozua 13. Dat is fansels de earlikste metoade. Mar je kinne je wol ôffreegje oft

de útkomst altyd like earlik wie. Soe it beloofde lân yn Fryslân lizze, dan soe it ek nochal wat útmeitsje ast in stik greide of in stik heide krigest. Yn Kanaän wie dat net oars. De iene stam fan Israël waard riker bedield as de oare. Ien stam kaam der hielendal bekaaid út. De Leviten krigen hielendal gjin grûn. Sy moasten ite fan de offerjeften foar de Heare (Deut.18,1; Joz.13,14). It fleis dat se ieten kaam fan bisten dy't se sels net fokt hienen. It brea dat se ieten kaam fan nôt dat se sels net boud hienen. Der siet neat fan harrensels by.

Dochs seit de dichter fan Psalm 16: "De mjitsnoeren binne foar my yn skoandere kontreien fallen, ja, myn erfskip stiet my tige oan". No wie dy dichter gjin Levyt. Want David hearde by de stam fan Juda. Dochts fielt er him wol in Levyt. Want as it derop oankomt jout er neat om syn macht en syn rykdom. Eins is God alles dat er hat. Sa stiet it yn fers 5: "Jo, Heare, binne it taparte diel dat de lotsbeker my joech". Ik wit net oft de Leviten it diel dat har taparte waard altiten sa belibbe ha. Mar sa hie de Heare it ál bedoeld. In Ezechiël 44 lêze wy dat Er fan de Leviten seit: "In erfdiel meie se net hawwe: Ik bin har erfdiel; jimme meie har ek gjin fêst besit yn Israel jaan: Ik bin har fêst besit" (Eze.44,28).

Wat soenen jo sein ha as de priis dy't jo wûn hienen gjin jild, gjin reis, gjin auto, mar de Heare wie? Soe Hy foar Jo it lot út de lotterij wêze? Yn tsjerke hearre je dan fan 'ja' te sizzen. Mar soenen je dan faaks 'ja' sizze, omdat je gjin 'nee' sizze doarre? It klinkt fansels prachtich dat de Heare alles is wat je hawwe. Mei Pinksteren sjonge wy dêr bytiden ek fan: "Wy libje fan de wyn" (NLB 687:1). Mar dat is allinnich by wize fan sprekken. Want wy libje dochs hielendal net fan 'e wyn? Der moat wol brea op de planke, benzine yn 'e tank en jild op 'e bank komme.

No liket it derop dat David sels ek in tiid hân hat dat de Heare allinnich yn teory syn alles wie. Want wy liezen yn fers 3 dat Er seit: "Ik hie my alhiel ferslingere oan de ôfgoaden fan it lân". No is dat fers ek net sa maklik oer te setten. Ik wit noch net sa krekt oft David hjir wol bedoelt dat er út eigen ûnderfining wit: bûten de Heare om is gjin gelok, mar allinnich ûngelok te finen. Mar dat dat sa is, dêr is der wol wis fan. Yn de Psalmen foar No wurdt dat hiel moai ûnder wurden brocht. Yn it Frysk klinkt dat sa:

Myn God, ik kom by Jo. Dan bin ik feilich.
Ik bliuw by wat ik earder tsjin Jo sein ha:
Jo binn' myn alles, Hear, it oare is oerstallich.

De minsken rinne wei mei har idoalen
en lizze krûm foar goaden út har dreamen.
It is my neat, ik wol har nammen net iens neame.

"De minsken rinne wei mei har idoalen en lizze krûm foar goaden út har dreamen".

Werkenne jo dêr wat fan, broers en susters? Miskien wol. Mar miskien ek wol net. Want krûm lizze

foar in ôfgod? Alles oan 'e kant sette foar mar ien ding? Der binne hieltiten minder minsken dy't dat noch oandoarre. Se besykje de kar foar ien ding út te stellen troch oan alle dingen dy't se wichtich fine in bytsje mei te dwaan.

Yn it Hollânsk is dêr in nij wurd foar betocht: 'keuzestress'. Ik soe dêr wol in Fryske oersetting fan betinke kinne, 'karspanning' bygelyks, mar lit ús it hjoed mar hâlde by 'keuzestress'. Wat dêr no krekt mei bedoeld wurdt kin ik it bêste útlizze mei in foarbyld.

Us katten ha ûntdutsen wat in doarskruk is. As wy no sa freonlik wêze wolle en druk dat glimmerjende ding yn, giet der in hiele wrâld foar har iepen. It ferfelende is allinnich dat wy de doar dêrnei ek wer ticht dogge. Dat wie no krekt net de bedoeling. Want as ús poeskes nei de doarskruk opsjogge, betsjut dat net dat se derút wolle, mar dat dy doar iepen moat. Meastal duorret it dêrom noch gjin minút foar't der wer oan de doar klaud wurdt. Net omdat Poeske der wer yn wol, mar omdat Poeske der aansten miskien wol wer yn wol. As it oan ús katten lei, stienen de doarren fan ús hûs de hiele dei iepen. Net allinnich de binnendoarren, mar ek de bûtendoarren.

Kenst dêr wat fan werom? Hâldsto it leafst ek alle doarren iepen? Fan alle doarren moat de doar nei God yn alle gefallen iepenstean. Mar de oare doarren it leafst ek. Ast in kar makkest foar de iene doar, betsjut dat dochs net datst in kar makkest tsjin alle oare doarren? Dochts giet it sa yn it gewoane libben meastentiids al sa. Ik lies fan in famke dat acht ferskillende stúdzjes besocht hat. Mar altiten begûn it nei in moanne as wat wer te jokjen. Ik tink dat dat dêrfan kaam dat se har derfan bewust waard dat se net allinnich in stúdzje, mar ek in rjochting keazen hie. Mar oft har libben yndie dy kant út moast, dêr waard se benaud fan. No hat se fêst wurk. Dat twingt har en set troch. Mar se moat harsels noch altiten yn 'e stringen hâlde en sjoch net op it ynternet oft der miskien dochs noch fakatueres binne.

Wa't kiest foar God, kiest foar in rjochting. Sa hat Petrus it fan David begrepen. Yn syn taspraak op de Pinksterdei hellet er it lêste fers fan Psalm 16 sa oan: "Jo hawwe my *de paden* fan it libben bekend makke, Jo sille my fol fan blydskip meitsje deun by Jo". Dy wurden meitsje it byld dat Psalm 16 opropt wat skerper. "De mjitsnoeren binne foar my yn skoandere kontreien fallen, ja, myn erfskip stiet my tige oan", dêrby soenen je tinke kinne oan Mozes dy't fan in berch ôf in skitterjend útsjoch oer it beloofde lân hie. Mar as Petrus seit: "Jo hawwe my *de paden* fan it libben bekend makke", kinne je better tinke oan Jozua, dy't beide fuotten wer op grûn krige en it beloofde lân yn teach. Yn Psalm 16 betsjut: "Jo, Heare, binne myn iennichste besit", itselde as: "Jo, Hearre, binne myn iennichste paad".

It is net sa nuver dat Petrus yn syn taspraak krekt dêr de klam op leit. Want de measte Joaden koenen Psalm 16 wol. Mar wisten se ek wat se songen? It binne prachtige wurden: "Ik hie de Hear aloan foar eagen, Hy is ommers oan myn rjochterhân, dat ik net oan it wankeljen reitsje soe".

Mar wat betsjut dat no konkreet? De Psalm seit fierders: “Dêrom is myn herte bliid en jubelet myn tonge, ja, sels myn lichem sil rêst fine, omdat ik derop hoopje, dat Jo my net yn it deaderyk bliuwe litte en jo Hillige it ferdjer net ûndergean litte sille”. Mar is dat net wat al te moai? Nim no de man dy’t dy Psalm skreaun hat. It is dochs gjin geheim dat David wis wol stoarn en begroeven is. Syn grêf is hjir ommers noch altiten, seit Petrus. Wêr rint it paad dat God David sjen litten hat dus op út? Op it libben? Soe it net wol sa earlik wêze en sis dat dat paad útrint op ’e dea?

Dy fraach komt ek by ús op as wy nei Psalm 16 harkje. Yn ’e Psalmen foar No klinkt planút wat der stiet. Yn it Frysk heart dat sa:

Jo bringe my net ûnder by de deaden.
Ik bin net samar wei. It grêf is net myn ein.
Jo tsjutte my it paad út nei it libben:
hiel ticht by Jo, myn God, kin ik myn lok net op.

In pracht fan in tekst. Mar dat iene rigeltsje botst mei it libben sa’t wy it kenne: “It grêf is net myn ein”. Je kinne dy ploai wol glêdstrike en sis dat David fansels bedoelt dat er libben nei de dea is, mar hy drukt him dochs wier wol wat sterker út. God soarget net allinnich foar syn siel, mar ek foar syn liif. De rêding dy’t Davids God jout is net skimich, mar konkreet, net in gefoel fan binnen, mar oan te reitsjen fan bûten, net himelsk, mar ierdsk, net geastlik, mar lichaamlik. Mar lûkt David dêrmei it seil net heger as de mêst lang is?

Nee, om wille fan Kristus is dat wier net sa. Sa konkreet, sa taastber, sa ierdsk, sa lichaamlik is it libben fan elk dy’t leaut dat Kristus foar him of foar har út ’e deaden is opstien. Ja, alderearst, seit Petrus, foar jimme dy’t Kristus krusige en deadien hawwe. Ek de grutste flater dy’tst oait makke hast kinst weromdraaie ast dochs noch yn Him leauwe wolst.

Ik learde lêsten noch in wurd dat ik noch net earder heard hie: ‘padafhankeljkheid’. Dat kin ik ál sa yn it Frysk oersetse: ‘paadôfhinlikens’. Dermei wurdt bedoeld dat ast ien kear dyn kar makke hast it hieltiten dreger wurdt en kies noch in oare rjochting. Dat kenne wy allegear wol. Ast út Amersfoort wei mei de trein nei Fryslân reizgest, moast der yn Swolle wol om tinke datst yn it goede treinstel sitst. Oars komst net yn Fryslân, mar yn Grins út. Miskien kinst yn Hoogeveen noch werom nei Swolle. Mar wat langer’st wachtest, wat dreger it wurdt en meitsje dyn fersin noch ûngedien.

It jout ek wol wer rêst datst net altiten mar kieze kinst. Der komt in tiid datst it dwaan moast mei de kar dy’tst makke hast. Mar ik bin der wis fan dat krekt dêrom safolle minsken lêst hawwe fan keuzestress. Ik kin noch net útmeitsje watfoar kant it útmoat. Want ik kin de gefolgen fan dat beslút net oersjen. Faaks spilet dat probleem ek by dyn kar foar de Heare. Do wolst wol foar Him kieze, mar wolst dan ek foar Him gear? Dan moatsto net allinnich by God telâne kinne, mar moat God ek by dy telâne kinne. Hast dêr wol tiid foar? Wolst dêr wol tiid foar meitsje? Miskien wol. Mar as dy tiid no ris

ôfgiet fan de tiid dy'tst yn oare dingen stekke woest? Wolst dat offer dan noch wol bringe? Of hâldst leaver alle doarren iepen, salang'tst it noch net witst?

As der no ien groep fan minsken wie dy't wist wat paadôfkinklikens wie, dan dy minsken wol foar wa't Petrus op de Pinksterdei syn taspraak holde. Dy hienen de alderferkeardste kar makke dy't je mar meitsje kinne: de kar tsjin Jezus. Wat soe dyn reaksje wêst ha, as der tsjin dy sein wurde: "Wês der wis fan, dat God Him Hear en Kristus makke hat, dyselde Jezus dy't jimme krusigje litten hawwe"? Dochs seit Petrus dat net om de minsken ta wanhoop te driuwen, mar om har hoop te jaan. Want wylst sy mei Jezus' dea de kar tsjin God makken, makke God mei Jezus de kar foar har. Hy wekke syn Soan op út 'e deaden en sette Him sa op 'e nij foar har oer: "Dat is no jimme kening" (Joh.19,14). Ropst dan wer: "Fuort mei Him, krusigje Him!" (Joh.19,15)? Of seist no mei Psalm 16: "Ik hâld de Heare aloan foar eagen; Hy is ommers oan myn rjochterhân, ik sil net wifkje". De Heare. Watfoar Heare? De Heare Jezus? Leart Hy dy it paad nei it libben? Sil syn neite dy fol blydskip meitsje? Ja wis, Hy is dat paad, dy wierheid en dat libben (Joh.14,6). Bûten Him om is der neat gjin goeds foar dy te finen. Hy is dyn Hear, Hy is dyn lok, neat kin Hem belykje.

Paadôfhinklikens, bisto dêr ek bang foar? Wêrom soest, ast mei Jezus in kant útgjest dêr't gjin dingen mear binne dy't net mear goed te meitsjen binne? De wrâld fan blydskip dy't achter it krús dêr't Jezus oan stoar weikomt, dy kinst yndie net oersjen. Mar moat dat dan? Wêrom soest dy net troch Jezus oer it mad komme litte? Wêrom soest de ûnderfining misrinne dat Jezus folle mear foar dy betsjutte kin asto betinke kinst?

Skriuw Him net foar hoe, wêr, wannear't Hy dy syn neite sjen litte wol. Sykje Him yn it wurd dêr't er sels út libbe hat. Fyn Him by de minsken dêr't Er foar stoarn is. Ja, leau datst dysels weromfine silst yn syn neite. Is Hy der wer, dan bisto der ek wer. Mei lichem en siel. Mei ham en gram. Mei holle, hert en hannen.

Sjong Psalm 16 as in Psalm foar dy:

Myn God, Jo binn' myn priis, Jo binn' myn beker.
Jo ha wat goeds betocht, it is al hast fan my.
Myn libben en myn lot leit yn jo hannen
en ik bin o sa wiis mei wat my tasein is.

De hiele nacht lis ik oan God te tinken.
Ik fiel dat Hy der is. Syn wiisheid jout my rêst.
Dan wurd ik bliid en sjoch myn rêding foar my.
Myn libben leit yn God. Ik fal net út syn hân.

Amen.